

Boustiennen

foar it skriuwen fan Fryske houlikstaspraken



Afûk/Stipepunt Frysk

Foarwurd

Op 12 maaie 2003 waard yn Drylts in spesjale stúdzjemiddei hâlden foar Bûtengewoan Amtners fan 'e Boargerlike Stân ('Babsen'), organisearre troch de Vereniging van Friese Gemeenten, it Berie foar it Frysk en it Stipepunt Frysk fan de Afûk. Dy middeis kamen Fryske houlikstaspraken op it aljemint. Dhr. Egbert de Vries fan it Berie foar it Frysk presintearre dêrby it ûndersyk 'Taal fan houlikstaspraken yn Fryslân 1997-2001'. Ut dat ûndersyk kaam nei foaren dat 1 op 'e 4 houlikstaspraken yn Fryslân yn dy perioade yn it Frysk hâlden waard en dat benammen yn 'e plattelânsgemeenten relatyf in soad Fryske houlikstaspraken foarkomme. It tal Fryske houlikstaspraken is yn 'e perioade 1997-2001 net omheechgien. Tusken de gemeenten binne grutte ferskillen te sjen: by guon gemeenten is der yn boppeneamde perioade in groei fan mear as 30%, by oaren geane de persintaazjes hiel bot op en del, of sakket it tal Fryske taspraken sels.

Redenen dy't dêrfoar jûn wurde, binne: lang net alle gemeenten freegje by elk oansteand breidspear yn hokker taal se de houlikstaspraak hawwe wolle, en as se it al freegje hinget it ek noch fan de fraachstelling sels en de taal dêr't de fraach yn steld wurdt ôf wat it antwurd wêze sil. Boppedat hawwe noch net alle gemeenten op elk momint in 'Babs' beskikber dy't in Fryske taspraak hâlde kin. Soms twivelet in Frysktalich breidspear sels ek: hoe komt it mei de net-Frysktalige famylje en is it Frysk wol offisjeel genôch? In oplossing dêrfoar kin wêze om in twatalige taspraak te hâlden: in mjuks fan Nederlânsk en Frysk dus.

It skriuwen fan in Fryske houlikstaspraak smyt wat mear drompels op as it skriuwen fan in Nederlânske. Wat struktuer oanbelanget sit der fansels net folle ferskil yn, mar lang net alle Babsen hawwe it Frysk goed yn 'e macht: prate is faak gjin probleem, mar skriuwe is al in stik dreger. En dan moat it ek noch yn linich en natuerlik Frysk. Op de gearkomste kaam dan ek nei foaren dat der wol ferlet is fan foarbylden fan Fryske houlikstaspraken en in samling fan oar materiaal lykas gedichten en siswizen, om sadwaande de wurdskat en de karmooglikheden wat grutter te meitsjen.

Reden foar de Afûk om in wurkgroep fan Bûtengewoan Amtners fan 'e Boargerlike Stân te foarmjen. De opdracht fan 'e wurkgroep wie om in bondel gear te stallen dy't as doel hawwe moast om de drompel foar it skriuwen fan Frysktalige houlikstaspraken te ferleegjen. De bondel moast boustiennen oandrage dy't brûkt wurde kinne foar it meitsjen fan in Fryske houlikstaspraak. Om te begjinnen hat de wurkgroep de Babsen yn Fryslân frege om materiaal yn te stjoeren. Dêr is tige goed op reagearre. De ynstjoerings binne troch de wurkgroep bestudearre, rubrisearre, bewurke en oanpast.

Grif sil eltse Babs der eat yn fine kinne dat hy/sy foar in Fryske taspraak brûke kin. Wy wolle dan ek alle Babsen tige tank sizze foar it beskikber stellen fan harren materiaal. De foarbyldteksten út dizze bondel komme foar in part ek op ynternet te stean (www.afuk.nl). Om de digitale bondel hieltyd by de tiid te hâlden, binne oanfoljend materiaal, opmerkings en suggestjes dan ek tige wolkom.

Njonken dizze bondel sil de Afûk besjen oft der ek mooglikheden binne om in kursus 'Frysk skriuwen foar Babsen' te organisearjen. Want sûnder semint tusken de boustiennen kin it bouwurk samar yninoar falle!

De wurkgroep,

S. Heida

H. Wiersma-Duiker

M. Vellinga

Ynhâldsopjefte

1. Ynlieding	5
2. It skriuwen fan in houlikstaspraak	6
3. De formele ûnderdielen fan in houlikstaspraak	8
3.1 wetsartikels	8
3.2 troufragen	10
3.3 it útwikseljen fan de ringen	14
3.4 akten	15
3.5 tsjûgen	17
3.6 trouboekje	18
4. Hoe begjin ik?	19
4.1 it wolkom	19
4.2 ynlieding taspraak	20
5. Symboalyske teksten	26
6. Lokwinsken en goede rie	28
7. Siswizen	34
8. Gedichten	40
9. Wurdlist	57
10. Literatuerlist	71

1. Ynliding

Dizze bondel begjint mei in koart haadstikje oer it skriuwen fan in houliktaspraak yn it algemien: wêr bestiet in taspraak út en wat kinne jo better al of better net dwaan. Mear ynformaasje dêroer fine jo yn it boekje: *Een bijzonder ambtenaar* fan Peter van Dijk en Adriana van Kreuningen. Dêrnei folgje tekstfoarbylden dy't by de formele ûnderdielen fan de houliksplechtichheid brûkt wurde kinne. Want dy ûnderdielen foarmje úteinlik de rêchbonke fan de houliksplechtichheid. Fierder fine jo tekstfoarbylden foar it begjin fan in taspraak, symboalyske teksten, foarbylden fan lokwinken en goede rie, siswizen, gedichten en in koarte wurd- en literatuerlist. Sjoch foar oanfollingen ek op www.afuk.nl

2. It skriuwen fan in houlikstaspraak

Ried jo taspraak goed ta en bestudearje jo oantekeningen goed fan it petear dat jo hân hawwe mei it oansteande breidspear. Nim dêr de tiid foar. By taspraken dy't hastich en op 't lêste momint skreaun wurde moatte, rinne jo it risiko dat jo aardige en ynteressante saken ferjitte dy't de taspraak krekt wat ekstra's jouwe. It gefolch dêrfan: in standertferhaaltsje.

In goede taspraak bestiet dan ek út de neikommende ûnderdielen:

- a. in pakkende ynliding;
- b. de kearn fan 'e taspraak;
- c. in koarte, dúdlike ôfsluting.

a. In pakkende ynliding

De iepeningssin moat pakkend wêze en de oandacht lûke. Jo kinne op in protte manieren begjinne; ien en oar hinget fansels ek fan de omstannichheden en jo persoanlike foarkar ôf. Hjirûnder in pear mooglikheden:

in komplimint

in wichtich resint barren

in anekdoate

in sitaat

in provokaasje

b. De kearn fan 'e taspraak

As jo de oandacht te pakken hawwe, is it wichtich om dy fêst te hâlden. Dat sil net sa dreech wêze as jo yn 'e kearn fan 'e taspraak de ynformaasje dy't jo krigen hawwe op in boartlike manier ferwurkje. It moat gjin droege opsomming fan feiten wurde fansels. Jou der in eigen ynterpretaasje by en ferwiis nei in lokkige mienskiplike takomst.

In pear tips:

- stel it breidspear sintraal (praat ek *tsjin* it breidspear en net allinnich *oer* it breidspear)
- ferwurkje allinnich mar positive gegevens
- jou gjin kryptyk
- wês humoristysk
- wês hertlik en lit belutsenheid blike
- tink om 'e tiid

c. In koarte, dúdlike ôfsluting

De slotsinnen binne lykas de iepeningsinnen fan grut belang. Wurkje nei in klimaks ta. Slút mei in inkele sin ôf. Foar de ôfsluting kinne jo bygelyks in winsk, anekdoate, gedicht of sitaat brûke.

En fierder:

- Skriuw de tekst ek út. Sa twinge jo josels om der in logysk ferhaal fan te meitsjen en jo hawwe de folsleine tekst efter de hân foar needgefallen (byg. foar as jo siik wurde).
- Lear de iepenings- en slotsinnen út 'e holle.
- Praat sa 'spontaan' mooglik.
- Skriuw yn 'e kantline trefwurden op.

3. De formele ûnderdielen fan in houlikstaspraak

3.1 De wetsartikels

Sûnt 1995 is it net mear ferplichte om de wetsartikels foar te lêzen, mar it bart wol geregeld. Der wurdt ek gauris keazen foar in omskriuwing fan de wetsartikels of se wurde yn it foar, by it petear mei it oanstearde breidspear, al behannele troch de Babs.

3.1.1 Ynlieding op de wetsartikels

Hjirûnder fine jo inkelde foarbylden fan hoe't jo it foarlêzen of omskriuwen fan de wetsartikels ynliede kinne.

■ De Nederlânske wetjouwing stelt wol betingsten oan in houlik. Betingsten dy't fêstlein binne yn wetsartikels. Doe't jimme tegearre by my west hawwe, haw ik jimme dêrmei yn 'e kunde brocht en om't dêryn presiis stiet wat jimme graach wolle, gean ik mei nocht oer ta it sluten fan jimme houlik. ■

■ De Nederlânske wet sprekt fan rjochten, mar ek fan plichten. It is goed dat dat by de wet regele is. It bliuwt nimmen en jaan yn it libben, mar ek yn it houlik. Mar as jimme inoar op 'e helte temjitte komme, dan kin der in soad. Yn 'e wet sa't dy yn Nederlân jildt, wurdt net oer leafde praten, mar oer hiel oare saken. Ik sil jim de artikels foarlêze dêr't it by in houlikssluting om giet. ■

■ Foardat wy no oergeane ta it sluten fan jim houlik, wol ik jim earst de foarnaamste wetsartikels foarlêze út it Boargerlik Wetboek oangeande it houlik. Jim moatte úteinlik al witte wêr't jim straks JA op sizze sille. ■

■ Elk wurdt ûndersteld de wet te kennen, mar dochs is it fan belang om de 'trouustigen' te wizen op de spulregels fan it houlik. It binne der net sa'n protte, mar se binne wol belangryk en ik woe se jimme dan ek efkes foarlêze. ■

■ Foar't ik jim trouwe sil/ foar't jim ja sizze/ foar't ik dit houlik slút, wol ik jim wize op in tal omskriuwingen út it Boargerlik Wetboek dy't te krijen hawwe mei it houlik. Ik sil de artikels net foarlêze; dat soe mar in deade en droege boel wurde. Ik ha de wichtichsten der úthelle en sis se no mei eigen wurden:

- trou wêze
- elkoar beskermje en tsjinje
- elkoar materieel ûnderhâlde
- ferantwurdlikheid foar elkoar nimme en elkoar helpe en bystean ■

3.1.2 De wetsartikels

Artikel 81:

Man en frou binne inoar trou, help en bystân skuldich. Hja binne ferplichte inoar fan it nedige te foarsjen.

Artikel 82:

Man en frou binne oer en wer ferplichte har bern te fersoargjen en op te fieden en de kosten fan dy opfieding en fersoarging te dragen.

Artikel 84:

Eltse oare helte is ferplichte syn of har ynkommen alhiel of foar in part te brûken foar bestriding fan de kosten fan de húshâlding. Dêr falle ek de fersoarging en opfieding fan de bern ûnder.

3.2 Troufragen

3.2.1 Ynlieding op de troufragen

Hjirûnder fine jo inkelde foarbylden fan hoe't jo it stellen fan de troufragen ynliede kinne.

■ It jawurd dat jimme elkoar jaan wolle hâldt yn dat jimme der altyd foarinoar wêze wolle. Jimme sizze inoar ta dat jimme it libben tegearre diele wolle yn goede tiden, mar ek dat jimme tsjinslaggen tegearre drage wolle. Tegearre kinne minsken in protte. Tegearre blydskip diele is dûbele blydskip en tegearre fertriet diele skeelt de helte. ■

■ Leafde, útdrukt yn wurden, sil sûnder ein troch minsken útsprutsen en yn alderhande foarmen belibbe wurde.

Ferneamde en ûnbekende dichters besykje yn wurden fêst te lizzen hoe djip it belibjen fan leafde giet. Sy skriuwe fan leafde dy't meitsje en brekke kin, mar ek fan leafde dy't der de reden fan is dat twa minsken tegearre wegen fan lok sykje en dêroer gean wolle. Op sa'n reis troch it libben wurde blydskip, trou en fertrouwen ûntdutsen. Folle mear noch ûnderfine minsken dêrtroch dat se noait allinne steane.

De les fan 'e leafde is: stadichoan begripe en fiele dat in libben fan leafde it meast weardefolle geskink oan minsken is.

Tegearre wolle jim, op dit plak, blike litte dat jim it geskink fan de leafde oannimme wolle troch inoar trou, help en bystân ta te sizzen. ■

■ en (nammen breidspear), hjoed binne jimme nei it gemeentehûs kommen om't jimme inoar hjirre foar de wet it jawurd jaan wolle. It jawurd is in belofte. Seist elkoar ta: foar dy wol ik der wêze, kinst op my rekkenje yn goede tiden, mar ek yn tiden mei tsjinslaggen. Dy drage wy tegearre. ■

■ Hjoed is it de dei fan it houlik fan en (nammen breidspear), in wichtige dei, mar benammen in feestlike dei. Want it is in feest as twa minsken, yn it bywêzen fan al dyjingen dy't harren dierber binne/ nei lizze, JA tsjin inoar sizze wolle. Dat se sizze wolle: ik wol mei dy fierder. Sûnder dy bin ik net kompleet, ik wol nea wer sûnder dy! Dat dogge je net samar, dêr wurdt oer neitocht, oer praten, nochris en nochris, want it is net samar wat, troust net mei it idee: we sjogge wol hoefier't we komme; nee, giest derfan út dat it foar altiten is, yn goede tiden en yn mindere tiden, as it reint en as de sinne skynt. En en (nammen breidspear), jim witte dat dat net fansels giet, dat der wat foar dien wurde moat. Mar as dat mei leafde giet, lykas by jimme, dan kostet it ek wer net safolle muoite, mei leafde draacht it licht. ■

■ Jim sille no trouwe, omdat jim fine dat der neat moaier is as de lêste stap te setten yn jimme relaasje. Dat is foar jimme de kroan op jim tegearrewêzen. In befêstiging fan it byelkoar hearren. De útsprutsen ferklearring fan jim leafde foarinoar en it fuortsetten fan in tradysje dy't dochs noch yn in soad Fryske famyljes foarkomt. It is no safier: we binne kommen by it sluten fan jim houlik. Jim fiele jim thús byinoar, jim fiele jim sa thús, dat jim dat foar altyd bliuwend meitsje wolle. Jim wolle mei-inoar ferbûn wêze as man en frou. Dat betsjut dat jim soer en swiet of lok en leed diele wolle. 'Ik' is 'wy' wurden. ■

Tekst brûkber foar reparasjehoulik

■ Troch foarfallen dy't bûten ús om geane hawwe jim in tiid skieden fan elkoar west. Miskien wie dat doe wol it bêste. Dêr sil elts fan jim syn tinzen oer hawwe. Mar tegearre sizze jim no: 'Wy wolle in nije start meitsje. Dêr hawwe wy fierder net ien by nedich.' Ik lies ris in spreuk: 'It libben wurdt efternei begrepen, mar it moat foarút belibbe wurde.'

Dêr sit in boadskip yn: sjoch net efterom, mar foarút. Jim hawwe beide yn it libben sûnder mis it ien en oar meimakke. Lit ús dy tiid as ôfsletten beskôgje en ús rjochtsje op de takomst. Der stiet ús dan ek neat yn 'e wei om oer te gean ta it sluten fan it houlik. ■

3.2.2 De troufragen sels

Yn 'e troufragen dy't hjirûnder steane wurdt gebrûk makke fan it wurd 'jo'. Fansels kin, as de gelegenheid dêrneffens is, ek 'doke' wurde.

- Soene jimme oereingean wolle, elkoar de rjochterhân jaan en my antwurd jaan wolle op de folgjende fragen? ■

of

- Breidspear, mei ik jimme fersykje om stean te gean, inoar de rjochterhân te jaan en my in antwurd te jaan op de folgjende fragen: ■

Houlik tusken man en frou

- (namme brêgeman), nimme jo oan ta jo wettige frou (namme breid), en hawwe jo it foarnimmen yn trou alle plichten nei te kommen dy't de wet oan de steat fan it houlik ferbûn hat?
Wat is dêrop jo antwurd?

..... (namme breid), nimme jo oan ta jo wettige man (namme brêgeman), en hawwe jo it foarnimmen yn trou alle plichten nei te kommen dy't de wet oan de steat fan it houlik ferbûn hat?
Wat is dêrop jo antwurd?

Dan ferklearje ik, as amtner fan de Boargerlike Stân fan (namme gemeente), yn namme fan de wet dat (namme brêgeman) en (namme breid) troch it houlik oaninoar ferbûn binne. ■

Registrearre partnerskip en homohoulik

- Soene jimme oereingean wolle, elkoar de rjochterhân jaan en my antwurd jaan wolle op de folgjende fragen?

..... (namme partner 1), ferklearje jo as jo wettige partner oan te nimmen (namme partner 2), en sizze jo ta trou oan alle plichten te foldwaan dy't de wet oan it registrearre partnerskip ferbûn hat? Wat is dêrop jo antwurd?

..... (namme partner 2), ferklearje jo as jo wettige partner oan te nimmen (namme partner 1), en sizze jo ta trou oan alle plichten te foldwaan dy't de wet oan it registrearre partnerskip ferbûn hat? Wat is dêrop jo antwurd? ■

3.3 Foarbyldteksten foar it útwikseljen fan de ringen

Hjirûnder fine jo in tal foarbylden dy't jo brûke kinne as it ta is oan it útwikseljen fan de ringen.

- As symboal fan jimme leafde en trou hawwe jimme elkoar de trou-ring om 'e finger skood en dêrmei elkoar tasein: 'Ik jou myn bestean oan dy.'

Jimme binne it al wend om tegearre te libjen, mar no is it dochs oars, foar it gefoel. Tenei binne jim in troude pear. De leafdesbân dy't jimme ferbynt is hjoed fêstlaske. Tegearre, yn fol fertrouwen, doarre jimme de takomst oan. ■

- Sûnt minskeheugenis wurdt oan de ring in magyske krêft taskreaun. Dy line sûnder begjin en sûnder ein is yn ferskate kultueren in symboal fan leafde, beskerming, freonskip en it libben sels. Dy ring wolle jim no drage foar jimsels en as teken foar de bûtenwrâld. ■

- (namme), soesto dizze ring, as symboal fan leafde en trou en troch jimme sels útkeazen, oan de finger fan dyn frou/man skowe wolle? ■

- Ik langje jim no jim trouwingen oer. Dy ringen binne it teken fan:

*Leafde foar elkoar
smeid ta gouden ringen
binne net foar eefkes
mar foar altyd.
Draach dizze ringen in libben lang
al sil it libben net altyd maklik wêze
mar mei leafde komme jim oeral trochhinne
Dizze ringen sizze dat jim nea
allinne wêze sille
Mei jim twaen oerwinne jim alles.* ■

3.4 Akten

De trou-akte wurdt tsjintwurdich hast net mear foarlêzen, mar foar de folsleinens wurdt er hjir dochs yn it Frysk werjûn.

3.4.1 Trou-akte

Op 200.. (datum)

is yn de gemeente it houlik sluten fan en

Dêrta hawwe hja ferklearre dat hja elkoar oannimme as man en frou, en dat hja trou alle plichten neikomme sille dy't troch de wet oan it troude wêzen ferbûn binne.

De amtner fan 'e boargerlike stân hat dêrnei útspraak dien dat hja troch it houlik oan elkoar ferbûn binne.

De brêgeman is in soan fan en te

De breid is in dochter fan en te

As tsjûgen wiene oanwêzich

Dizze akte is opmakke troch de amtner fan de boargerlike stân fan

Plak datum

3.4.2 Akte registrearre partnerskip / homohoulik

Op 200.. (datum)

is yn de gemeente it partnerskip registrearre tusken:

partner en partner

Dêrta hawwe hja ferklearre, dat hja elkoar oannimme as registrearre partner, en dat hja trou alle plichten neikomme sille dy't troch de wet oan it registrearre partnerskip ferbûn binne.

De amtner fan 'e boargerlike stân hat dêrnei útspraak dien dat hja troch it registrearre partnerskip oan elkoar ferbûn binne.

Partner 1 is in soan/dochter fan en te

Partner 2 is in soan/dochter fan en te

As tsjûgen wiene oanwêzich:

Dizze akte is opmakke troch de amtner fan de boargerlike stân fan

Plak datum

3.5 Tsjûgen

Foarbylden fan teksten dêr't de tsjûgen yn yntrodusearre wurde.

- Tsjûge fan dit houlik wiene wy allegearre. Foar (namme brêgeman) binne as skriftlike tsjûgen oanwêzich (nammen tsjûgen) en foar (namme breid) binne as skriftlike tsjûgen oanwêzich (nammen tsjûgen). Alle tsjûgen binne foar it breidspear hiel bysûnder. It breidspear wol graach dat jimme neist de 2 hantekeningen op de akte ek de hantekening yn it trouboekje sette. Dus dat betsjut 3x in hantekening. Soene de fjouwer tsjûgen dan no nei foaren komme wolle? ■

(It boppesteande kin net altyd, fanwege de romte dy't beskikber is yn it trouboekje.)

- Foardat it breidspear en de tsjûgen harren hantekening sette, wol it breidspear de tsjûgen út tankberens graach wat oanbiede. De boade sil it breidspear en de tsjûgen no liede by it setten fan de hantekeningen. ■

- Tsjûgen by it houlik binne foar (namme brêgeman) (nammen tsjûgen) en foar (namme breid) (nammen tsjûgen). Foar jimme hjoed in ekstra hanneling: it ûnderskriuwen fan de trouakte. ■

- (nammen tsjûgen) binne troch dit breidspear frege om te tsjûgjen by harren houlik en dat jout tink ik wol oan dat der tusken jim en harren in bysûndere bân is, dy't just op sa'n manier nei foaren komme kin. ■

3.6 Teksten by it oerlangjen fan it trouboekje

- ¹As wettich bewiis fan jimme houlik wol ik jimme no graach it trouboekje oerhandigje. ■
- ²Ik fersykje jimme dit trouboekje tagelyk oan te nimmen as in teken dat jimme lykweardich yn dit libben en yn dit houlik steane. ■
- ³Ta beslút wol ik jim noch it trouboekje oerhandigje: alwer in bewiis dat jim byinoar hearre. ■
- ⁴Ta beslút wol ik jim noch it trouboekje oerhandigje. Bewarje it goed en wês der sunich op. ■

4. Hoe begjin ik?

4.1 It wolkom

Hjirûnder fine jo twa foarbylden fan hoe't jo it breidspear mei selskip wolkom hjitte kinne.

■ Breidspear (nammen), âlden fan it breidspear, bruorren en susters, paken en beppen en fierdere famylje, wat moai dat jim hjir allegear binne. As amtner fan de boargerlike stân hjit ik jim hjir fanmiddei/fanmoarn/hjoed fan herten wolkom yn 'e trouseal fan de gemeente ■

■ Hertlik wolkom, breid en brêgeman. Moai dat jimme der binne en hjoed ús gast wêze wolle. Dat docht ús deugd. Wolkom ek oan de âlders en oan de bruorren en susters mei partners en de bern. In spesjaal wolkom foar beppe/pake (namme). Wat is it dochs prachtich dat jo sa'n dei meimeitsje meie en it jawurd hearre meie út 'e mûle fan jo beppe-/pakesizzer. ■

4.2 De ynlieding fan 'e taspraak

De ynlieding skriuwe foar in taspraak is meastal it dreechst. Hielendal as jo net safolle ynformaasje fan it oanstearde breidspear krigen hawwe. In pear oanknopingspunten binne dan altyd handich. Sa kinne jo bygelyks tinke oan in ferwizing nei de datum, de tiid fan it jier, foar- en efternammen of beroppen fan it breidspear, de lokaasje, de troukaart, de jurk of it boeket (as jo dat fan tefoaren witte), it waar ensfh.

Hjirûnder fine jo in tal foarbylden dy't faaks brûkber binne.

4.2.1 Tiid fan it jier

Trouwerij begjin maaie

■ It is hjoed in bysûndere dei. Eins kinne wy dat yn dizze tiid hast fan alle dagen sizze. Tritich april Keninginnedei, 1 maaie dei fan de Arbeid, 4 maaie nasjonale betinkingsdei en 5 maaie befrijingsdei. Dêr komt no noch by ... maaie, de troudei fan en

Mar eins is trouwen yn dizze tiid ek wer net sa bysûnder. By âlds wie maaie de tiid om te trouwen. Sjoch dêr de famylje-advertinsjes yn 'e krante yn dizze tiid mar ris op nei: 'Wy binne 25, 30, 40 of 50 jier troud'. Trouwe yn maaie. Ja fansels, maaie is in prachtige moanne. Blommen, fûgels, fee, lamkes yn 't lân. 'Alles is fleurich en wy binne 't mei' seit ien fan ús Fryske lieten. ■

■ Op 12 maaie begûnen yn Fryslân de nije kontrakten fan de feinten en lyts- en grutfammen, en de pachtkontrakten waarden dan ek ôfsluten, opsein of fernijd. Yn 'e wike tusken de 1e en de 12e maaie wie der dan gelegenheid om te ferhúzjen en om te trouwen! Benammen de boeren keazen maaie om te trouwen. Dêrnei kaam der ommers in drokke perioade fan wurkjen op it lân, dan hiene se it net oan tiid om har dwaande te hâlden mei trouwerijen! ■

■ 'In nije maitiid begjint altiten wer mei soarch en oandacht', wurdt wolris sein. De greiden wurde reemakke, der wurdt donge en

bewurke. Oanwêzigen, jimme hawwe dêr grif, foar safier't jim in tún of túntsje hawwe, ek al de nedige soarch oan bestege. Eins is dat mei in houlik net oars. Der moat hiel wat barre foardat der sein wurde kin: no sil it heve, wy trouwe hjoed! ■

Trouwerij yn 'e simmer

■ Fan herten wolkom elkenien hjir op it stedhûs yn Dizze dei, de (datum) is foar jim, it breidspear, in bysûndere dei. It is jim troudei en dat is in hichtepunt yn jim bestean. De maitiid is oergien yn 'e simmer, de natoer mei alles wat der groeit en bloeit is op syn moaist. Altyd wer in nij begjin. Sa is it ek mei in breidspear, in nij begjin, om tegearre ûnderweis te wêzen en op 'en paad te gean. ■

Trouwerij yn 'e fakânsjетиid

■ Fakânsjетиid... Plannen wurde makke, koffers, auto's en caravans wurde pakt, de grutte úttocht kin begjinne.

Frij wêze, der eefkes hielendal út wêze. Dingen dwaan dêr't jo oars net oan ta komme. Lekker yn 'e sinne sitte of lizze, kuijerje, fytse, swimme, sile faaks of in moai boek lêze. It is net sa frjemd dat yn dizze perioade de saneamde fakânsjeleafdes ûntsteane. Ast mei fakânsje giest wurde de swierrichheden oan 'e kant set, fielt dy frij en blij. By it sjen fan in aardige jonge of in aardich famke begjinne soms samar de flinters yn it liif te fladderjen.

It is fakânsje, alles mei – no ja, hast alles. Fan elkoar genietsje, der tegearre op út. Mar as nei de fakânsje alles wer syn gewoane gong giet, it wurk, de soargen en noeden fan eltse dei wer werom komme, feroaret it. Der wurdt nochris in briefke skreaun, in e-mailsje faaks; de flinterkes en it ferealewêzen ferdwine.

Faak is der noch in foto, om letter te sizzen: 'O ja, dat wie ... Hoe soe it fierder mei him/har gien wêze?'

Mar dames en hearen, der binne útsûnderingen: nim no ús breidspear, ■

Trouwerij om de krystdagen hinne

■ Elkenien fan herten wolkom hjir op it gemeentehûs yn ... Freed ... desimber is in bysûndere dei foar it breidspear, it is harren troudei, in hichtepunt yn harren bestean. Wy binne yn 'e lêste wiken fan 20... De dagen binne op har koartst, hoewol't wy de koartste dei alwer hân hawwe. Sa krekt foar de krystdagen en om âld en nij hinne hinget der in ljochtsjende sfear om de minsken en de huzen. It jout wat wer fan in nij begjin. Lykas mei in breidspear dat ferklearje wol dat se yn leafde ta en foar elkoar, elkoar it jawurd jaan wolle. ■

■ Wy libje yn de donkere dagen tusken Kryst en Ald en Nij. It jier sit der al hast wer op. Echt in tiid om werom te sjen. Wat is der wer in soad bard. Moaie dingen, dêr't wy graach oan werom tinke, mar ek wolris foarfallen dy't wy, as it koe, graach ferjitte woene. Faak slagget dat net, dêrfoar hat it tefolle yndruk makke. Mar it nije jier komt deroan. Wat sil it ús bringe? Grif spylje hope en ferwachtings in grutte rol. Hoe goed sil it fan 't jier mei ús gean? Mei ús wolwêzen, ús sûnens? Eins breidspear, passe dizze wurden hiel moai by jimme, by de dei dy't jim hjoed belibje: jim troudei! ■

(Ek gaadlik foar in âlder breidspear en/of minsken dy't earder trouwest hawwe)

4.2.2 Bysûndere lokaasjes

Algemien

■ Breid en brêgeman, ik fyn it bysûnder dat ik jim, jim âlders, bruorren en susters mei partners en fierdere famylje en freonen wolkom hjitte mei op dizze moaie histoaryske troulokaasje fan de gemeente (namme gemeente). ■

Dêrnei wat fertelle oer de lokaasje (skiednis, bysûnderheden ensfh.)

■ By beslút fan boargemaster en wethâlders fan de gemeente ... (namme gemeente), is dizze lokaasje oanwiisd as 'hûs fan de gemeente', sadat hjir ek houliken sluten wurde meie. Jim hawwe, breidspear, dit plak mei sin keazen om jim houlik te sluten. ■

Dantumadiel

■ Yn bywêzen fan allegearre dy't jim nei lizze wolle jimme elkoar hjir it jawurd jaan. Dit sobere mar smûke Romaanske tsjerkje moat nefens de skiednis yn de 12e ieu boud wêze en is dan ek ien fan de âldste tsjerken fan Dantumadiel. De tsjerke wurdt net allinnich brûkt foar earetsjinsten, mar is ek 'huis der gemeente', dat wol sizze dat hjir in boargerlik houlik sluten wurde mei, en dêrfoar binne jim hjir kommen. ■

Boarnsterhim

■ Dizze trouseal is in ûnderdiel fan in monumintaal pân, dat, hoewol't it in midsieusk uterlik hat, earst yn 1941 boud is. It is boud yn 'e tradysje fan de 'Delftse School'. Kropholler, de architekt, hat ek de meubels, de lampen, flierkleden, ja sels de jiskebakken ûntwurpen. Hiel moai binne de glês-yn-lead ruten mei de tekens fan de diereriem derop. Oare ruten binne dekorearre mei symboalen fan de 4 seizoenen. Jim sille wol tinke: wêr wol sy hinne? No, sjoch marris nei de stuollen dêr't jim op sitte. Yn de bekling fan jim stoel is in swan útsnien. En de swan is it symboal fan libbenslange trou oan elkoar. ■

Boalsert

■ Fan herten wolkom yn de trouseal fan it prachtige âlde stedhûs fan Boalsert. It is sa njonkelytsen likernôch 4 ieuwen âld en noch altiten in pronkje om te sjen. It sil foar de amtners dy't hjir alle dagen wurkje net altiten mear oan de easken foldwaan, mar moai is it wol. Oan de eastkant fan Boalsert binne allegear nije huzen kaam. Dêr is ek de strjitte te finen dêr't jimme wenje. Soene dy huzen it ek 400 jier úthâlde? Ik ha myn twivels. Hjoed de dei feroaret it allegear sa fluch. Wy kinne it amper mear byhâlde. 'De tiid hâldt gjin skoft', sizze wy dan. Hoewol't ik ferline jier op in gevel stean seach: 'Niet de tijd gaat voorbij, maar wij gaan voorbij'. ■

4.2.3 Beroppen

Kompjûters/Automatisearring

■ Nei it petear dat ik okkerdeis mei it breidspear hie, liet ik myn gedachten der nochris oer gean en kaam ik ta de konklúzje dat trouwen hjoed de dei noch hiel bysûnder is. Mar wat is der yn 'e rin fan 'e tiid in soad feroare. It libben is folle saakliker wurden. Us breidspear soe net mear sûnder kompjûter kinne. Harren wurk leit stil as de kompjûter it sitte lit. De automatisearring giet al mar fierder. Al it deistige wurk moat mei minder minsken, al mar flugger, leafst al mar better dien wurde. Ek op it mêd fan ferkearing, trouwen en alles wat dêrmei gearhinget is troch de jierren hinne hiel wat feroare! ■

4.2.4 Blommen, nammen ensfh.

Blommen

Blommen binne al ieuwen it symboal fan 'e leafde. Neffens de leginde joech de Romeinske broer Falentyn yn 'e 13e ieu al blommen oan jonge pearkes dy't fereale wiene. Dy blommen brochten de ûntfangers in soad libbenslok!

In tal blommen en har betsjutting

Wite en reade roas byinoar: Ienheid

Wite roas: Ik bin dy wurdich

Jasmyn: Sensualiteit

Reade tulp: Leafdesferklearring

Ferjit-my-net: Wiere leafde

Blau fioeltsje: Hope

Dalje: Foar altyd fan dy

Sinneblom: Do bist fantastysk

Nammen

Yn it boekje fan Rienk de Haan: *Fryske foarnammen/Friese voornamen* of it boekje fan Klaas Bruinsma: *In namme seit mear* fine jo in grut tal ferklearringen fan Fryske jonges-, famkes- en famyljenammen. Hjirûnder twa foarbylden út it boekje fan Bruinsma.

■ Sjaard/Sjierd/Sjoerd/Sieuwerd:

sieg + ard. It earste part is it Dútske Sieg = oerwinning. It twadde part, ward = hoeder fan of hard = sterk. Dus de namme betsjut hoeder fan de oerwinning of sterke oerwinner. De ôflate famyljenamme is Sjoerdsma, Sierdsma, Sjaard(em)a. De froulike foarm is Sjoerdsje. Ek Sierdsje komt foar. ■

■ Wietske, Wike, Wytse:

binne ôflaat fan de manljusnamme Wytse. Wytse is eins in dûbele ferlytsing (ts + ke) of dûbele flainamme. Beide foarmen komme fan it Aldgermaanske wurd wi(c)h en ke = striid en leaf. De namme Wytse betsjut dus letterlik: leave striidster. Fan Wytse is de famyljenamme Wytsema ôflaat. ■

5. Symboalyske teksten

Symbolyk spilet gauris in wichtige rol yn in houlikstaspraak. Symbolyk oer it libben, it houlik, lok en fertriet. Hjirûnder fine jo in pear algemiene foarbylden út 'e praktyk.

■ Eins draacht elk minske in ûnsichtbere rêchsek mei him mei. Fleur, wille, fertriet, soargen, leafde, meilibjen, alles húsmannet deryn. It iene is swier, it oare licht. Wat is it moai ast ûnderweis immen trefst dy't tegearre mei dy dyn rêchsek drage wol. 't Gewicht wurdt dan dield troch twa en it rinnen giet de helte lichter, troch de leafde dy't jimme foar elkoar hawwe. ■

■ It libben is alles ôftaaste, oertinke en dan beslute. Doe't jim lyts wiene waard der foar jim tocht, waard der foar jim besluten. Oan 'e hân fan jim âlders learden jim it libben ôf te taasten. Stadichoan lieten jim dy hân los en sochten jim in eigen wei, krigen jim in eigen miening, giene jim jim eigen gong – groeiden op nei selsstannichheid. Mar dochs sochten jim wer in hân. Sa kaam op in dei de hân fan dy oare. Tegearre learden jim wer it libben ôf te taasten, nei te tinken, te dreamen oer de takomst. Tegearre. Hjoed hân yn hân nei 't stedhûs. Jou my dyn hân, ja mear as dat. Jou my dyn hert. Dêr leit alles yn besluten. In hân – in hert. 'De hân derop', sizze wy. Jimme dogge dat hjoed. De hân derop. ■

■ It houlik biedt jim it plak dêr't jim jim úteinlik thús fiele kinne. Kinst by wize fan sprekken dyn te nauwe skuon útlûke en maklike klean oandwaan. As it goed is wurdt alles yn it houlik dield. Dêrtroch komt it dat freugde dan bûten alle proporsjes fermannichfâldige wurdt, ferantwurdlikens dield en ynsjoch ferdûbele wurdt. ■

■ Der binne yn it libben in protte wegen. Sa kinne je it libben beskriuwe. In protte wegen stjoere ús nei in doel. 't Giet oer autowegen, klinkertwegen, wy komme se allegear tsjin. Somtiden wurde jo tsjinhâlden,

dan is de wei ôfsletten, liket it op in dearinnende wei. Foar jim is de wei wer iepenbrutsen. Gean dy wei, tegearre nei in doel, nei leafde en lok.

In wei – nei fierten dy't nimmen wit,
te libjen yn leafde en fertriet
om't it mei elkoar giet
Want juster is ferline tiid
Hjoed is it no
Moarn is de takomst

(Boppesteande tekst is gaadlik foar in reparasje- of twadde houlik)

- Jim leafde groeide lykas in plant. Ferjit him net wetter te jaan, want dan allinne sil er mear en mear groeie en as in moaie blom yn jim houlikstún bloeie.
- It houlikslibben is as in fytstocht, in Fryske Alvestêdetocht dêr't jo net foar oefene hawwe. Jo witte net wat jo te wachtsjen stiet. Jo weagje it derop en sizze: 'Ik sjoch wol hoe't it giet. Want ik bin net allinne ûnderweis, myn leafste is by my. En mocht ik tsjinslaggen krije, dan wit ik dat hy/sy der is. Tegearre geane wy troch hurde wyn en rein.' In Fryske Alvestêdetocht yn waar en wyn en yn leafde en trou. Jim geane no tegearre op reis as man en frou.

6. Lokwinsken en goede rie

Foarbylden fan lokwinsken oan it breidspear nei it sluten fan it houlik.

- (namme) en (namme), no't jimme jawurd klonken hat en jimme dat bekrêftige hawwe mei in hantekening, mei ik jimme as earste lokwinskje mei jimme houlik en ik hoopje dat jimme yn leafde en sûnens dat feit noch faak fiere meie. ■
- Dan winskje ik fan herten dat jimme de krêft hawwe sille om jim oan de tasizzing dy't jim krekt dien hawwe, yn lingte fan jierren te hâlden. Fertrouwen yn elkoar jout jin moed, en trou tsjinoer mekoar jout jin krêft.
Jim meie elkoar no wol eefkes lokwinskje. ■
- en (nammen).
Jimme jawurd hat klonken, de hantekeningen binne setten: jimme binne troud!! Tige lokwinske en ik hoopje dat jimme de (datum) noch faak yn leafde en sûnens betinke meie. ■
- en, jim binne no offisjeel man en frou en as Amtner fan 'e Boargerlike Stân mei ik jim as earste myn lokwinsken oanbiede. Ik hoopje fan herten, dat it jim jûn wêze mei dat de sakrekt ôfleine belofte oant yn lingte fan jierren duorje mei. ■
- Breid en brêgeman, ik wol jim as earste lokwinskje mei jim houlik. Ik winskje jim in soad lok yn jim libben ta en dat jim trochsette wat jim al begûn binne. Mei jim houlik lang en lokkich wêze, sadat jim hieltyd wer mei blidens en tankberens weromtinke sille oan dizze dei, jim troudei. ■
- Troch elkoar te sjen as unike minsken, elkoar hieltyd te stimulearjen, te begripen en te stypjen, is jimme kombinaasje unyk. Respektarje inoar sa't jim binne en jou inoar ris in komplimint, want de iene is no ienkear optimistysker, sportiver, handiger ensfh. as de oare. Ha

betrouwen yninoar as der dagen komme dy't fertriet bringe en genietsje fan de dagen dat jim lokkich binne. ■

■ It grutste geskink dat jim krije kinne is de leafde foar inoar, de keunst om mei leafde en begryp yn inoars geast en hert te sjen, om tegearre jim dreamen wier te meitsjen. ■

■ Meitsje in hûs fan waarmte en freonskip en laitsjen en triennen, en besykje problemen dy't op jim paad komme kreatyf op te lossen. ■

■ Meitsje fan jim troudei altyd in bytsje feest. In dei dêr't jim oan weromtinke en dy't jim fiere mei in gleske wyn, in blomke, it jout net wêrmei, mar stean even stil by jim troudei! ■

■ Soargje der wol foar dat jim genôch tiid foar jimsels oerhâlde en jou inoar de romte! Der sil oer de plannen en foarnimmens dy't jim hawwe net altyd in gouden glâns lizze kinne. Blydskip en ljocht wurde soms samar ynienen ôfwiksele mei fertriet en skaad. Dêrom wol ik sizze: help inoar yn alles en bou troch oan jim takomst en jim relaasje. Bewarje foaral ek jim humor en jim iepenheid tsjinoer inoar, want dêrtroch kinne jim bergen fersette! ■

■ Breid en brêgeman,

Ik ha in pear winsken dy't ik jim noch graach meijaan wol:

- ik winskje jim leafde, lok en sûnens en in lang libben tegearre;
- ik winskje jim ta dat in hiele protte minsken noch lang genietsje meie fan jim lok.
- ik winskje jim, mei jim famylje en freonen, in moaie dei en, (namme) en (namme), in goede reis troch it libben, mei in protte bloeiende blommen fan lok! ■

■ Ik wol jim graach felisitearje/lokwinskje mei jim 'jawurd' oan inoar. Ik hoopje dat leafde en trou jim noait ferlitte sille en dat se altyd as in waarme tekken om jim hinne lizzen bliuwe. ■

- Lok, blydskip sit net yn grutte en ferheven dingen, mar folle mear yn dy lytse dinkjes yn it libben dy't faak gjin namme ha, mar dy't wol hiel belangryk binne. Tink mar oan in knypeachje, in earm om it skouder of in blomke op de safolste troudei. ■

- Jim binne no troude. It wurd 'trouwe' komt út it wurd 'fertrouwen'. En ast sa'n wurd noch fierder útraffelest, dan sit dêr wer yn: as goede maten op inoar bouwe; byinoar yn fertroude hannen wêze. Bliuw inoar as libbenskammeraten dêrom trou yn ljochte en yn donkere dagen. ■

- Der binne in protte dingen dy't yn ien sike wei sein wurde kinne. Tink mar oan fonkjes en fjoer, leafde en trou, lok en blydskip. Tink ek oan * (foarnamme breid) en * (foarnamme brêgeman). It binne bewyskes fan dat wûnderlike en feestlike dat minsken oer komme kin: leafde. Ik hoopje dat jim dêr alle dagen wat fan fernimme sille. ■

- Offisjeel ha ik no myn wurk dien, mar it soe wat al te raar wêze om dit feestlike momint samar ôf te sluten.
Ik wol jim fan herten felisitearje/lokwinskje mei it wurd fan trou dat jim saniis oan inoar jûn hawwe.
Fan hjoed ôf begjint foar jim in nije libbensfaze, as man en frou.
Ik hoopje dat lok en leafde altyd by jim bliuwe sille.
Lit jim net út it fjild slaan troch it ferkearde en it minder goede. Leafde is sterker as wat ek mar. Nim tiid foar jimsels en tiid foar inoar, dan komt it grif goed.
Ik winskje jim ta dat jim tegearre genietsje sille fan it libben en ik winskje jim dêrby alle goeds ta. ■

- As amtner fan de boargerlike stân ha ik no offisjeel myn wurk dien, mar ik fyn it wat al te raar om dit feestlike momint samar ynienen ôf te sluten.
Dêrom, as jim it goed fine, wol ik noch graach in pear wurden sizze.
Fansels wol ik jim alderearst fan herten lokwinskje mei jim wurd fan trou oan inoar.

Ik hoopje dêrby dat leafde en trou altyd as twa fêste kammeraten mei jim opreizgje sille. Lit dy twa de kaikes fan jim lok wêze. Kaikes dy't passe op inoars hert en op inoars gefoel.

En wol sà, dat jim beiden foar inoar en foar alle minsken dy't jim tsjinkomme op jim paad in foarbyld wêze sille fan lok en leafde. ■

■ Kammeraten fan inoar wêze jout fertrouwen. Fertrouwen dat stoarmen yn it libben, mar grif ek de blide mominten, tegearre hiel yntins belibbe wurde sille. Sadanich dat jim dêrtroch sterker nei foaren komme. ■

■ It lok fan jim tegearrewêzen foarmet in ryk besit. Hoedzje en noedzje dât besit, dat folle fierder giet as ierdske rykdom en dat safolle doel en ynhâld oan jim libben jaan sil. ■

■ Ik winskje dat it jim slagje sil om fan elke dei in nije en goede dei te meitsjen. Dat hoecht net yn it grutte of oerdreaune. Dat sit him folle mear yn dy lytse dinkjes: tiid foar inoar nimme, in knypeach, in earm om it skouder, ferhalen oaninoar fertelle of in blomke meinimme. ■

■ Bliuw altyd mei elkoar yn petear en harkje altyd goed nei inoar. Goai de kop net yn 'e nekke, bliuw earlik tsjin inoar en ha wat foarinoar oer. Net tinke: ik, ik, ik, nee jim binne mei jim beiden. It houlik is jaan en nimmen en dêrfan is jaan it wichtichst. ■

■ Ik winskje jim in soad lok yn jim libben ta. Set troch wat jim al begûn binne. Ik hoopje en winskje dat jim al jim ferwachtings en idealen wiermeitsje kinne en dat jim by steat binne elkoar dêr wêr't dat nedich is op te fangen en by te stean. ■

■ In goed houlik is ek in houlik dêr't jo de kleuren fan it libben yn elkoars eagen yn sjen kinne. Jim sille dan ûnderfine dat it houlik in feest is. Lit it dat bliuwe, jim libben lang. Ik hoopje dat jim tegearre de wei nei jim doel, it lok fan tegearrewêzen, fine sille. ■

■ Jou elkoar yn it houlik romte en tiid, sadat elk ek syn/har eigen din-

gen dwaan kin. Allinne dan kin elk groeie yn it houlik. Genietsje alle dagen fan elkoars ynbring. ■

■ Ik hoopje dat jim in sinnige reis troch jim libben hawwe sille. Miskien falt der sa no en dan in buike, mar betink dan dat de sinne altyd wer efter de wolken weikomt. Jim hawwe ‘ja’ tsjininoar sein, sis ‘ja’ tsjin it libben, mei alles derop en deroan. ■

■ Mei jim houlik lang en lokkich wêze, sadat jim hieltyd wer mei blidens en tankberens weromtinke sille oan dizze (datum) fan it jier (jier), jim troudei. ■

Foarbylden fan lokwinsken oan de âlders

■ Alders fan it breidspear, ek tige lokwinske en ik hoopje dat jimme yn sûnens noch lang tsjûge wêze meie fan it lok fan jimme bern. ■

■ Fansels wol ik ek jim âlders fan wjerskanten yn myn felisitaasjes behelje. It kin hast net oars as dat it hiel bysûnder is dat in bern trout. Fan jongs ôf oan ha jim ... en besocht weiwiis te meitsjen yn it libben. Jim hawwe se sûnder mis wearden meijûn, dy't se har hiele libben net ferjitte sille. Ik hoopje dat jim noch hiel lang genietsje sille fan it lok fan jim soan en jim dochter.

Heit en mem ... (efternamme), heit en mem ... (efternamme), ek foar jim is it hjoed in bysûndere dei. Jim soan ... (namme) en dochter ... (namme) binne sakrekt troude. Hjoed hawwe jim der offisjeel in skoandochter en skoansoan bykrigen. Doe't ik (namme brêgeman) en (namme breid) by it foarpetear frege om wat oer harren jeugd te fertellen, seinen se allebeide dat se op in moaie tiid werom-sjen kinne. Dat liket my foar jim as âlders hiel moai om te hearren, want in goede jeugd is ommers in stevige basis foar it fierdere libben. Ik wol jim fan herten lokwinskje mei dizze stap fan jim bern en ik hoopje dat jim noch lang tsjûge fan harren lok wêze meie. ■

(Hjirby moatte jo wol wis wêze dat breid en brêgeman beide in goeie jeugd hân hawwe.)

■ Graach wol ik jim fan herten lokwinskje mei it houlik fan jim bern en ik hoopje dat jim noch lang fan harren lok tsjûge wêze meie en dat jim yn (moanne) mar grutske paken en beppen wurde meie. ■

(As de âlders fan it breidspear pake en beppe wurde.)

■ Foar de beide âlderpearen is it ek in wichtige en bysûndere dei. Jimme hawwe meimeitsje kinnen hoe't dizze jonge minsken elkoar fûn hawwe en it mei elkoar mienden en fan no ôf as troud stel fierder wolle om harren takomst op te bouwen. Ik hoopje dat jim noch lang tsjûge wêze meie fan it lok fan jim bern. ■

■ Ik wol no beide âlderpearen lokwinskje. Ik hoopje dat jim noch lang tsjûge wêze meie fan it houlikslok fan jim bern (namme) en (namme) en dat dizze dei ek foar jim ûnferjitlik wêze sil. Dat jim hjoed tsjûge wêze mochten by it houlik fan jim bern tsjut oan hoe grut at de wurdearring en tank fan jim bern foar jim as âlders is. ■

(As de âlders ek tsjûge binne.)

7. Siswizen

Hjirûnder fine jo in griemmank oan wiisheden, spreuken en sprekwurden, dy't brûkt wurde kinne yn in houlikstaspraak. Guon serieus, oaren sille mei in kwinkslach brûkt wurde moatte. Hjirby jildt ek wer dat smaken ferskille. Sjoch foar mear sprekwurden en spreuken op www.afuk.nl. Yn de literatuerlist op s. 71 fine jo ûnder sprekwurden in tal boeken en neislachwurken dy't jo oer dat ûnderwerp rieplachtsje kinne.

Alde leafde rustket net, al leit dy sân jier yn 'e goate.

As strie en foer byinoar komme, dan is der gau brân.

Better te trouwen as te baarnen, sei de pastoar fan Ysbrechtum, en hy joech de geboadens wat te let oan.

De boask yn 't lyk is beide like ryk.

Der binne mear froulju/manlju as tsjerken.

Der rydt gjin wein sa sunich of hy stjit wolris.

Dy't it lok hat, kriget de breid.

Dy't mei de dochter trouwe wol, moat frije mei de mem.

Dy't trout krijt in bongel oan 'e foet.

Elk mins is as de moanne: hy hat in tsjustere kant dy't er nea sjen lit.

Fan in brulloft (brulloftsjen) komt in brulloft (brulloftsjen).

Fereale wêze is in kadootsje, mar mei echte leafde wurdt it mienens.

Foar it sizzen fan de wierheid moat ek it goede momint keazen wurde.

It geheim fan lok: in protte fan dysels en in bytsje fan oaren easkje.

In glim kostet minder as elektrisiteit en jout mear ljocht.

Grutte gedachten komme altyd út it hert.

In hânfol help is better as in karfol suchten en preken.

Haw leaf, want moarn is it te let!

Hja geane yn 'e lange hier.

Hja geane yn 'e lange tsjinst.

Hja sille de lapen gearsmite.

Hja sille de skonken byinoar stekke.

It herte freget om in reisgenoat foar eltse dei, foar hiel it libben. Neist romte, ljocht en brea begeart it herte in reisgenoat om stipe te finen en te jaan.

In houlik wurdt yn 'e himel sletten.

Ien de bûsdoek tasmite.

Ienriedigens makket it lytse grut.

Ik bin de baas, sei de man, mar ik doch wat myn wiif seit.

Ik sil 't net wer dwaan, sei de âldfeint, doe't it him muoide dat er jong net trouw wie.

Immen nei de ljiere tingje.

It is net mooglik om te libjen sûnder eat leaf te hawwen.

Jou wat en hâld wat, dan kinst jaande bliuwe (dan meiste jouwer bliuwe).

Kearsen kinne net baarne sûnder de waarmte fan fjoer.
Minsken kinne net libje sûnder de waarmte fan leafde en freonskip.

Laitsjen is sîn wurk.

Leafde is net te keap.

De leafde is sterker as de dea.

Leafde jaan is in ryk gefoel, leafde krije is in ryk besit; leafde diele is rykdom.

De leafde oerwint alles.

De leafde ta de neiste begjint by jinsels.

Leafhawwe betsjut: net stilstean bliuwe by josels, mar op wei gean nei dy oare.

Libje elke dei as oft it dyn lêste is.

Lilk wurde is minsklik, lilik bliuwe is duvelsk.

Lit dyn goede dagen dy net ûntkomme!

It lok hat wjukken, it ûngelok fuotten fan lead.

Lok is hâlde fan wat jo dogge en dwaan wêr't jo fan hâlde.

It lok komt graach del yn in hûs mei fleur.

Lok kostet in bytsje; as it djoer is, is it net it wiere lok.

Lok leit yn it gefoel, net yn dingen.

Lok is it iennige dat wy oaren jaan kinne sûnder it sels te besitten.

Lokkich wêze is in geunst, lokkich lykje is in keunst, lokkich wurde is in lok, mar lokkich bliuwe is masterwurk.

In man sûnder frou is in himd sûnder mouwe.

De measte minsken stekke mear tiid en enerzjy yn it omsilen fan problemen as yn it oanpakken dêrfan.

Mei jild keapje jo in goede hûn, mar net it giseljen fan syn sturt.

Men leart sa lang as men libbet.

Men siket faak om fierrens it lok dat foar jins fuotten leit.

De mins libbet mar heal wannear't er allinnich foar himsels libbet.

In minske allinne is as snie foar de sinne.

In minske libbet mar ien kear, en dat is no.

Net altyd binne 't roazen op 't libbenspaad, ek stikels tref je dêr oan. De roazen moatst plukke, de stikels moatst mije, dan laket it libben dy oan.

Op âld iis friest it fûl.

In pear aprilsbuien yn 'e knyntsjedagen, dêr folget in griene maaie op.

It plak fan 'e widze dêr't de minske by de berte yn telâne komt, bepaalt foar in grut part hoe't it libben fan in minske him ûntjaan sil.

Rin net foar my út, miskien kin ik dy net folgje. Rin net efter my, miskien kin ik dy net liede. Rin neist my, wy hawwe inoar nedich as freonen en leafsten.

It roer moat yn it wetter bliuwe.

Sa as in blom de sinne nedich hat om blom te wurden, sa hat in mins de leafde nedich om mins te wurden.

Sykje lykas de blommen altyd it ljocht. Dan binne dyn wegen sinnich en rjocht.

Tegearre blydskip diele is dûbele blydskip en tegearre fertriet diele skeelt de helte.

Tiid foar elkoar nimme is nedich om fan leafde, dy't faak bûchsum mar ek brekber wêze kin, in strekdaam fan feilichheid te meitsjen.

Trou moat bliken dwaan.

Trou net om it jild, kinst it goedkeaper liene.

Trou wêze oan elkoar is ek respekt hawwe foar elkoar.

Trouwen is gjin ienmanswurk.

Trouwen en bargeslachtsjen hat syn útfallen.

In tût knalt net sa hurd as in kanon, mar syn echo duorret folle langer.

In tût mei eare kin nimmen deare.

Wa't al te hastich trouwe, kinne 't al te gau berouwe.

Wa't nooit swak wêze wol, moat de leafde útbanne.

Wa't syn plicht docht hat gjin rjocht op tank.

Wiere leafde is blyn of knypt in eachje ta.

Omskriuwingen fan brulloften/jubilea

De griene of strieën brulloft (it feest by it sluten fan it houlik)

De katoenen of talhouten brulloft (1 jier)

De learen brulloft (3 jier)

De blikken brulloft ($6\frac{1}{4}$ jier)

De wollen brulloft (7 jier)

De tinnen brulloft (10 jier)

De siden brulloft (12 jier)

De koperen brulloft ($12\frac{1}{2}$ jier)

De kristallen brulloft (15 jier)

De porsleinen brulloft (20 jier)

De sulveren brulloft (25 jier)

De pearelen brulloft (30 jier)

De robinen brulloft (40 jier)

De gouden brulloft (50 jier)

De diamanten brulloft (60 jier)

8. Gedichten

In hiel soad Babsen meitsje yn harren taspraak gebrûk fan gedichten. Guon skriuwe se sels, oaren sette besteande gedichten oer of brûke fersen fan bekende Fryske dichters. Hoe dan ek, der is altyd ferlet fan nij materiaal. Hjirûnder fine jo in seleksje út 'e gedichten dy't tastjoerd binne. (Fansels kin net elk gedicht samar foar elke houlikstaspraak brûkt wurde; soks is in kwestje fan sûn ferstân.)

Op de webside www.afuk.nl fine jo mear. Tips en nije gedichten binne altyd wolkom!

HJOED IS DE DEI

Want hjoed is de dei
Dy komt mar ien kear
Moarn dan is it hjoed al net mear

Net seure, ha wille
Yn 't libben dat mei
Mar doch it wol hjoed
Want hjoed is de dei

Toon Hermans

Yn 't hastige libben fljocht de tiid
Mei kûgelsfeart foarby

En ûngemurken skrept men sa
Oan alle moais foarby

Besit dat bringt ús it lok net oan
Sa't men faak hearre kin
Mar dêr hat nimmen hâldfêst oan
De earmoed bringt it likemin

Mar wa't hjir op syn libbenswei
It each op 't eigen hâldt
En dêryn 't moaie en skientme fynt
Bliuwt jong en wurdt nea âld

Hoatse de Jong



Net mear allinne gean
Mar it fearjen fernimme
Fan dy't dy betrouw
Tegearre op syk
Nei in antwurd
Yn de wikseling
Fan ljocht en tsjuster
Op syk nei de frijheid
Fan de leafde

Ut: *Heechliet* fan Jan Dotinga

HÛS FAN STILTE

Lit ús in hûs fan stilte bouwe,
mei muorren fan leafde
en in dak fan frede,
mei keamers fan blydskip
en in tún,
in tún
mei wat ljocht
en wat skaad,
mei wat sjongende fûgels
en in slûgjende kat op it paad.

Lit ús in hûs fan leafde bouwe,
mei muorren fan begryp
en in dak fan fertrouwen
en in hiem om te sintsjen
en keamers,
keamers
om yn te ferdwinen,
elkoarren te sykjen
elkoarren te finen.

Lit ús in hûs fan stilte bouwe.

Ut: *Hûs fan stilte* fan Tsjits Peanstra

Lit ús doarmje en dwale yn in wrâld noch ûnbeskreaun
te swalkjen sûnder soarch en plicht
Kom lis dyn hân yn mines, no,
Ik wit de wei net, krekt as do,
mar yn it doalhôf binne wy tegearre
Dus kom no mar, dan sille wy dwale

Ivo de Wijs



Ik winskje jimme lok en segen
Mei dizze houliksdei
Ha altyd mar op jimme wegen
Safolle foarspoed lyk as no

Sjoch, as jimme binnen 't perk mar bliuwe
En net tefolle bûten slaan
En elkoar ek gjin prippers jouwe,
Dan sil 't fêst in goed houlik jaan!

Waling Dykstra



LEAFDE

Leaf hawwe is foar leaf nimme
elkoars lekken en brekken;
in net wiermakke wurd
oersljochtsje mei in knypeach
Want allinnich sa en net oars
sil jim leafde bestean.

Berber v.d. Geest

IN NIJE DEI

De nacht is foarby, de sinne is frij,
omheech te gean
Aanst wurdt it dei, de moarn is te nij,
om stil te stean
It libben wie wrang, it wachtsjen te lang,
mar 't nimt in kear
Wês mar net bang, nea wer bang,
it hoecht net mear

Der sil gjin dei begjinne,
dat ik net by dy bin
Gjin oerwurk foar ús rinne,
sûnder sin

Jou my dyn hân, jou my dyn hert,
Asto it doarst mei my.
Hjir is myn hân, hjir is myn hert.
'k Jou myn bestean oan dy.

Lang wie it kâld en tsjuster
Aanst komt de dei
Fynt it ljocht syn wei
yn in nije dei.

'k Kaam net út 'e rie, it paad dat ik gie,
it wie sûnder ein
De tiid dy't der wie, it hert dat ik hie,
it wie fersein
'k Ha my oan dy jûn, mysels yn dy fûn,
'k begjin op 'e nij
Leafde hat wûn, twa minsken bûn,
mar fûgelfrij

De Kast

NET FERJITTE

Ferjit him net, dy tiid fol leafde en wille
fol goud'ne dreamen, tel ferflein.
Dy blomtún, dy't jim no ferlitte sille
dy nocht sa goed en rein.

Ferjit se net, dy stille blide jûnen
dy't jim tegearre trochbrocht ha
dy oeren, as jim herten elkoar fûnen
Hoe leaflik wiene hja!

Ferjit se net, dy ûnferbrekb're wurden
dy't jimme bine as wiif en man.
As 't leed jim treft mei tûzen skerpe swurden,
tink oan dy wurden dan.

Ferjit him net, dy golle freonerige
dy't mei jim feestfiert dizze dei.
Myn bêste winsk – jim witte, ik mien it sa tige,
nim dy yn 't libben mei.

Fedde Schurer

Sa asto my serieuus nimst, my nimst sa as ik bin
Sa asto my in kâns joust
Sûnder betingsten yn my leaust
Dyn eagen – in skitterjende wrâld dêr't ik wolkom bin.
In wrâld sûnder foaroardiel.
Dyn stim – muzyk dy't my draacht, my optilt.
Dyn stim – ien waarme útnoeging om mysels te wêzen.

Watsto foar my betsjutst, do litst my fiele
dat ik bestean. Dat ik net fergees bestean.
Do makkest myn eigen ik yn my iepen.
Lokkich, net te begripen, hoe lokkich ik mei dy bin.

Hans Bouma



Op 'e tiid sprekke
op 'e tiid swije
op 'e tiid leavje
en triennen feie.
Yn berou
sykje nei harmonije:
dat 's foar altyd
man en frou.

Ytsje Hettinga

Troch waarmte kinne wy kjeld oan
troch ferbûnens frijheid
troch leafde haat ferdriuwe
troch swijen wurden begripe
troch ienheid kinne wy twa wêze.

Ytsje Hettinga



Untaastber,
mar wy fiele it hân yn hân.
Unsichtber,
mar wy sjogge it each yn each:
leafde.

Folkert Verbeek



Dit is de dei
it lok leit om ús hinne
wy hâlde it fêst
litte it net mear gean.

Giny Bastiaans



Twa boatsjes wurde stadich wei
yn 'e dize fan de moarn,
mar laitsjend lûke wy de skoat
fan it nije skipke oan.

Folkert Verbeek

Wat wy sochten
ha wy fûn
foargoed ferkocht
de leafde wûn.

Folkert Verbeek



Dit is in dei om te ûnthâlden
in dei dy't hiel bysûnder is,
dit is in dei om fan te hâlden
om't dizze dei ús troudei is.

Gjalt Huizenga

LEAFDE

Leafde kin brekke,
mar mear noch meitsje
dat minsken tegearre
har lokkige wegen gear.

Leafde is sykje,
mar mear noch ûntdekke
de blydskip fan trou,
fan noait allinne stean.

Leafde is stadichoan leare,
begripe en witte,
dat libben fol leafde
it meast weardefolle geskink
oan in minske is.

Hinke Hoogland

Libje is lef om opnij te begjinnen,
is weagje: wa't weaget, no dy wint
Libje is hieltiten in útwei betinke,
is trochgean, soms dwers op de wyn

Libje is lef om de koers te ferlizzen,
is doare in nije wei yn te slaan
Libje is lef om de wierheid te sizzen,
is moed om kriticaliteit te trochstean

Libje is lef om in fout ta te jaan,
is falle en dochs wer foarút
Libje is doare wat nijs yn te plannen
Libje is moed dy't de wrâld ûntslút

Maaïke van Dijk

IN IEPEN BOEK

It houlik is lykas in boek,
't leit iepen foar jim, skriuw mar ta.
Meitsje d'r in spannend boek fan.
Lit leafde en trou as reade tried,
rinne troch it boek as paadwizer,
yn sinneskyn en skaad.

Oer hichten giet it houlikslibben,
troch delten sil it gean.
Sykje aloan dy reade tried,
fan leafde en fan trou.
Dat bynt jim oan elkoar,
de bân fan man en frou.
Gean 't libben mar temjitte,
der bin' safolle mei jim op 'en paad.
Mar tink oan it grut ferbân hjoed sletten,
der wêze foar elkoar,
yn sinneskyn en skaad.

Wês foar elkoar in iepen boek,
dêr't trou en leafde sprekke,
sadat in oar it ek graach lêze mei.
Wês mar in iepen boek,
op hiel jim houlikswei.

J. Krook-Merkes

TAKOMST IS GJIN DREAM

Net letter, takomst is de dei fan hjoed
Dreamen falle yn it wetter,
As de notiid ús net stjoert.
Net heger, slaan de earste stien net oer.
Mei it bouwurk klimt de steger,
nei de maaibeam op 'en doer.
Net fierder, rin net op 'e tiid foarút
Siedzje moat de iere siedder
foar't it nije lân ûntsprút.
Takomst is gjin dream,
mar it plantsjen fan in beam.
Sûnder fuotten yn 'e ierde,
bliuwe dagen sûnder dieden.
Takomst is de koartste klap.
Hjoed sette jim de earste stap.



Ik sil der foar dy wêze....
As teare blossems troch de sinne tute
op 'e nij ûntsprute
As waarmte triljend oer de fjilden giet
of it nôt te rypjen stiet
Ek as súdwesterstoarmen oer de lannen gear
iisblommen op de finsters stean
sil ik der foar dy wêze...
By elke simmertwirre of de earste snie
Tusken ús sil 't altyd bliuwe sa't it wie
Yn alle jiergetiden
Altyd wer opnij
Bin ik der foar dy!



Hjoed wie it dan safier
jim seine elkoar ta
trou en help yn alle tiden
mei it wurdsje 'JA'

Wy hoopje op in lange reis
yn sûnens, dat foaral
klúnplakken sil der grif ek wêze
en hjir en dêr in fal

Pak elkoar dan by de hân
slaan earmen om elkoar hinne
dan kinne jim it grif wol oan
yn skaad en folop sinne



Tegearre troch it libben
tegearre hân yn hân
en dêrom binne jimme hjoed
ferbûn troch de houliksbân

Jimme seine elkoar ta:

Trou en help yn goede dagen
mar ek yn kweade as it kin
sa tegearre troch it libben
dat jout fleur en sin



Lok is
tegearre diele
en dochs
ek de frijheid ha
jinsels bliuwe
te meien
mar respekt
derop ta



Sa tegearre troch it libben,
dan kinne jimm' it grif wol oan.
Lit de flam fan jimme leafde,
ljochtsjend bliuwe hjoed en moarn.



De moaiste dei yn jim libben
is fêst de dei fan hjoed
Jim ha elkoar it ja-wurd jûn
en witte it sit goed!

Tegearre gean jim 't libben troch
tegearre hân yn hân
want echte leafde ja dy jout
foar altiten in bân

Mar miskien komt der yn jim libben
ek wolris in dei
dat lok fier te sykjen is
de leafde efkes wei

Betink dan dat efter eltse wolk
de sinne altyd blinkt
en dat echte leafde foar elkoar
altyd wer oerwint.



Minsken
skúlje by elkoar
as it triennen reint;
as de wrâld
de kleur fan griis oannimt.

Minsken
nimme elkoar by de hân
as it libben wer laket
en fernuverje har
oer it nije ljocht

Minsken
Kinne net sûnder minsken



Leafde is mear as al it oare
Dat ús dwaan en dieden driuwt
't Is by alles wat feroare
't Iennige dat bliuwt.



Leafde

Leafde is sterk,
It kin wûnders dwaan.
Libbens feroarje,
Lêsten fersêftsje,
It fynt har freugde
Troch freugde te jaan.
It jout ynhâld en glâns,
Oan it libben.

9. Wurdlist Ned-Frysk

A

aannemen	oannimme
aanwezig	by-, oanwêzich
aanwezige	by-, oanwêzige
- geachte aanwezigen	achte by-, oanwêzigen
aanwezigheid	by-, oanwêzigen, by-, oanwêzichheid
- in aanwezigheid van	yn it oanwêzen, yn 'e bywêzigen, -wêzichheid, oanwêzigen, -wêzichheid fan
afgevaardigde	ôffurdige, ôffeardige
akte	akte
- akte de présence geven	bywêzich wêze, jin sjen litte
ambtenaar v.d. burgerlijke stand	amtner fan 'e boargerlike stân
antwoord	antwurd
armoede	earmoed

B

bekendmaken	bekend meitsje
bekrachten	bekrêftigje
belichten	beljochtsje
beloven	belove, tasizze, fersizze, beloovje, ûnthjitte
benadrukken	mei klam wize op, de klam lizze op
bepalen	fêststelle, bepale
- de wet bepaalt	de wet (fer)easket, de wet freget
bereid	ree
bereidverklaring	reeferklearring
besluit	beslút
besluiten	beslute
bespreken	bepate, besprekke
bespreekbaar	besprekber
betekenen	betsjutte

bevestigen	befêstigje
beviend	befreone
bezegelen	besegelje
blijdschap	blydskip
bode	boade
boterbriefje	bûterbriefke
bouwen op	bouwe op
bruid	breid
bruidegom	brêge-, breugeman
bruidsbed	breidsbêd
bruidsboeket	breidsboeket
bruidsdagen	breidsdagen
bruidsgift	breidsjefte
bruidsjapon	breids-, troujurk
bruidsmisje	breidsfamke
bruidspaar	breidspear
- het bruidspaar	it breidspear, de trouwers
bruidsschat	breidsskat
bruidssluiert	breidswale
bruidsstoet	troustoet
bruiloft	brulloft
- bruiloft houden	brulloftsje
bruiloftsdag	brulloftsdei
bruiloftsgast	brulloftsgast, brullofter
- de bruiloftsgasten	de brulloftsgasten, de brullofters, it brulloftsfolk, de brulloftslju, de trouwers
bruiloftsgedicht	brulloftsfers
buitengewoon ambtenaar	bûtengewoan amtner fan 'e
van de burgerlijke stand	boargerlike stân
burgerlijke stand	boargerlike stân
C	
cadeau	kado
ceremonie	seremoanje

ceremoniemeester
chemie

seremoanjemaster
gemy

D

delen

diele

donderslag

tongerslach

- als getroffen door een donderslag

as fan it waar slein

- komen als een donderslag

komme as in tongerslach út in

uit heldere hemel

kleare/heldere loft,

del-, ynslaan as de wjerljocht

(op klearljochte dei)

dromen

dreame

droom

dream

duidelijk

dúdlik

duidelijkheid

dúdlikens, dúdlikheid, klearrichheid

- duidelijkheid verschaffen

klearrichheid jaan

E

echt

- in de echt verbinden

trouwe

- in de echt treden

trouwe, boaskje, houlikje

echtbreekster

troubrekster

echtbreuk

troubrek

echtbreker

troubrekker

echtelieden

troude lju, troude pear/stel,

man-en-frou

echtelijk

- echtelijke plichten

houliksplichten

- echtelijke staat

it troudwêzen, de houlikssteat

- echtelijke woning

mienskiplike wenning

echtgenoot

man, oare helte

echtgenote

frou, oare helte, sydsulver

echtpaar

pear, troude pear, stel, man-en-frou

echtscheiden

skiede, byinoar wei gean, útinoar

gean

echtscheiding
echtscheidingsprocedure
echtverbinten
eenheid
eenoudergezin
eredienst

skieding
echtskiedingsproseduere
houlik, boask
ienheid
ienâlderhúshâlding, ienâldergesin
earetsjinst

F

familie
feest
felicitaasje
feliciteren

famylje
feest
felisitaasje, lokwinsk
felisitearje, lokwinskje

G

gaan
- nog te gaan hebben
garantie
gas
- gas terugnemen

gean
foar de boech hawwe
garânsje
gas
it kalmeroan dwaan, it jin mear
oan tiid dwaan

gast
gebeurtenis
gek zijn met, op

gast
foarfal
mâl wêze mei/op, poer wêze
mei/op, sljocht wêze mei/op,
gek wêze mei/op

gelijkwaardig
gelijkwaardigheid

lykweardich
lykweardigens, lykweardichheid

geluk
gelukkig
gelukwens
- met hartelijke gelukwens
gelukwensen
gelukzalig
gelukzaligheid

gelok, lok
gelokkich, lokkich
lokwinck
mei hertlike lokwinsk
lokwinckje
loksillich
loksilligens

gemeenschap	yn gemienskip fan goed, yn gemienens, gemienigens, gemienichheid trouw
- in gemeenschap v. goederen getrouwd	trouw mei skaat goed, bûten gemienskip trouw
- buiten gemeenschap v. goederen getrouwd	mienskiplik
gemeenschappelijk	gemeentehûs
gemeentehuis	fernoegen
genoegen	it docht ús deugd dat wy ...
- tot ons genoegen	registrearre partnerskip
geregistreerd partnerschap	tsjûge(n)
getuige(n)	jaan
geven	jaan om
- geven om	jaan en nimme, healwyn sile
- geven en nemen	gefoel
gevoel	gefoelens
gevoelens	gefolch
gevolg	as gefolch fan/troch
- ten gevolge van	dat is fan dy gefolgen
- dat heeft tot gevolg	gesin, húshâlding
gezin	it ferienigjen/ byinoar bringen
gezinshereniging	fan 'e húshâlding
gezond	sûn
gezondheid	sûnens

H

hand	hân
handtekeningen	hantekeningen
houden van	hâlde fan
homohuwelijk	homohoulik
huilen	gûle
huis	hûs
huisvesting	húsfêsting
huwelijk	houlik, boask

- burgerlik huwelik	boargerlik houlik
- kerkelik huwelik	tsjerklik houlik
- een huwelik sluten, aangaan	in houlik slute, oangean
- iem. ten huwelik fragen	immen freegje
- een huwelik voltrekken	in houlik slute
- in het huwelik treden	trouwe, man-en-wiif wurde
- tijdens ons huwelik	yn ús trouwen
- het huwelik is ontbonden	it houlik is ûntbûn
huwelikse staat	de houlikssteat, it troudwêzen
huwelikse zaken	houlikssaken
huwelikse voorwaarden	houliksbetingsten
huweliksaangifte doen	de geoadens oanjaan
huweliksaankondiging	houliksoankundiging
huweliksaanzoek	houliksoansiik, -oansyk
huwelijksadvertentie	houliksadvertinsje, trou-advertinsje
huwelijksafkondiging	houliksôfkundiging
huwelijksakte	trou-akte
huwelijksband	houliksbân
huwelijksbed	houliksbêd
huwelijksbelofte	troubelofte
huwelijksbootje	houliksboatsje
huwelijkscadeau	troupresintsje
huwelijkscontract	houlikskontrakt
huwelijksfeest	brulloft
huwelijksgebod	
- onder de huwelijksgeboden staan	ûnder de geoadens stean
huwelijksgeschenk	troupresintsje
huwelijksgift	breidsjefte
huwelijksinzegening	houliksynseiniging, houliksynseining
- de huwelijksinzegening vindt plaats ...	it houlik wurdt ynseinige ...
huwelijksleven	houlikslibben
huwelijksmakelaar	tuskenman of -frou
huwelijksplechtigheid	trouplechtichheid

huweljksregister
huweljksreis
huweljkstrouw
huweljksvoltrekking
huweljksvoorwaarden
huwen

trouboek
houliksreis
houlikstrou
it sluten fan it houlik
houliksbetingsten
trouwe, houlikje, boaskje

I

in
- dat is tegenwoordig erg in

- in zijn voor

yn
dat is tsjintwurdich wakker yn 'e
moade
te finen wêze foar, foarstander
wêze fan, klear wêze foar

informatie
informereren
inschatten
- een situatie inschatten
investeren
investering
invullen

ynformaasje
ynformearje
taksearje, beoardielje
in situaasje beoardielje
ynvestearje
ynvestearring
ynfolje, ynhâld jaan

J

ja-woord

jawurd

K

karakter
kennen
- elkaar leren kennen
kennis maken
kennismakingsgesprek
kerk
kiezen
- jullie hebben gekozen
kind
kinderen

karakter

inoar kennen leare
yn 'e kunde komme
moetingspetear
tsjerke
kieze
jim hawwe keazen
bern
bern

kleinkind
kleinkinderen
koppelen
kus
kussen

bernsbern, pake-, beppesizzer
bernsbern, pake-, beppesizzers
keppelje, oaninoar plakke
tút, pea, smok
tútsje, patsje

L

levenspad
liefde
- liefde is blind
- ze is zijn eerste liefde
- liefde op het eerste gezicht
liefdesbrief
liefdesgedicht
liefdevol
lief(e)lijk
lief(e)lijkheid
liefhebben
lieveling
lieverd

libbenspaad
leafde
leafde is blyn
hja is syn earste leafde
leafde op it earste each
leafdesbrief
leafdesgedicht, -fers
leafdefol
leaflik
leaflikens, leaflikheid
leafhawwe, leavje
leave, skat, pop
leave, skat, pop

M

man
medeleven
moeder

man
meilibjen
mem

N

naam
- in naam van
- uit mijn naam
- op naam van
naamsverandering
naast
- de naaste familie
naaste

namme
yn 'e namme fan
út namme fan my
op 'e namme fan
nammeferoaring
neist, nêst
de neiste famylje
neiste

naastenliefde	neisteleafde
nagedachtenis	neitins, neitinken
- ter nagedachtenis van	ta de neitins fan
namelijk	nammentlik
namens	út namme fan
napret	neiwille
natuurlijk	natuerlik, fansels, uteraard
navraag	neifraach
- navraag naar iem. doen	neifraach nei immen dwaan
navragen	neifreegje
nemen	nimme
- wat geven en nemen	healwyn sile, jaan en nimme
- iemand nemen zoals hij/zij is	immen nimme sa't er/se is
- het ervan nemen	it der goed fan nimme, der goed fan libje/ite, jin net lije litte, der jins tier fan nimme, it fleis yn 'e bûter stippe
noemen	neame
O	
officieel	offisjeel
- officiële	offisjele
- het officiële gedeelte	it offisjele part
oma	beppe
ondertekenen	ûndertekenje
ondertrouw	ûndertrou
- in ondertrouw gaan	yn ûndertrou gean, de geboadens oanjaan
- in ondertrouw zijn opgenomen	yn ûndertrou stean, ûndertroud wêze/stean, ûnder de geboadens stean
ontmoeten	moetsje, treffe, tsjinkomme
ontmoeting	moeting, treffen
oog	each
- in het oog vallen/springen	yn it each falle, eagje

- het oog wil ook wat	it each wol sines hawwe
- geen oog hebben dichtgedaan	gjin wink yn 'e eagen hân ha
- het oog op iemand laten vallen	it each op immen falle litte
- een oogje op iemand hebben	it op immen fersjoen ha, twa eagen op immen smite
- iemand met de ogen verslinden	immen mei de eagen opfrette
opa	pake
opstaan	stean gean, oereinkomme, oerein-gean
ouders	âlden
overgaan tot	oergean ta
- overgaan tot de huwelijks-voltrekking	oergean ta it sluten fan it houlik
overtuigen	oertsjûgje
overtuiging	oertsjûging

P

partner	partner
partnerschap	partnerskip
persoon	persoan
persoonlijk	persoanlik
persoonlijkheid	persoanlikheid
plichten	plichten
plezier	plezier, wille, aardichheid, nocht
- ergens plezier in hebben	earne aardichheid, nocht oan hawwe
- plezier van iets hebben	earne wille fan hawwe
- dat doet me plezier	dat docht my deugd
- iem. een plezier doen	immen in plezier dwaan, immen tewille wêze

R

receptie	resepsje
rechterhand	rjochterhân
- elkaar de rechterhand geven	inoar de rjochterhân jaan
relatie	relaasje

respect	respekt
respecteren	respektearje
rykdom	rykdom
ring(en)	ring(en)
- het wisselen v.d. ringen	it (út)wikseljen fan de ringen
romantiek	romantyk
romantisch	romantysk
rozengeur en maneschijn	
- het is enkel rozengeur en maneschijn	it snijt (neat as) roazen en anjelieren, it is allegear evangeelje, sjerp en hunich
- het is niet enkel rozengeur en maneschijn	it is altyd gjin rys mei rezinen (mar ek wolris grôt mei krôde)

S

samen (2 pers.)	tegearre
samen (meer pers.)	mei-inoar
schoondochter	skoandochter
schoonmoeder	skoanmem
schoonouders	skoanâlden
schoonvader	skoanheit
schoonzoon	skoansoan
schoonzuster	skoansuster
schouder	skouder
schrijven	skriuwe
schuiven	skowe
- een (trouw)ring om iem. vinger	immen in (trou)ring om de finger
schuiven	skowe
steunen	stypje
steun	stipe
symbool	symboal

T

tegenspoed	
- in voor- en tegenspoed	yn goede en minne tiden

tegenslag	tsjinslach
toekomst	takomst
traan	trien
- de tranen stonden hem/haar in de ogen	hy/sy hie de triennen yn 'e eagen
trouw	trou
trouwakte	trou-akte
trouwbeloofte	troubelofte, trou-ûnthjit
trouwboekje	trouboekje
trouwdag	troudei
trouwdatum	troudatum
trouwen	trouwe, boaskje
- gaan trouwen	trouwe sille
- zij gaan trouwen op	sy sille trouwe op
- in de kerk trouwen	yn tsjerke trouwe
trouwerij	trouwerij
trouwjapon	troujûpe
trouwjurk	troujurk
trouwkamer	trouseal
trouwkleren	trouklean
trouwlustig	graach trouwe wolle
trouwpak	troupak
trouwpartij	1. trouwerij (Ned. trouwerij)
	2. brulloft (Ned. huwelijksfeest)
trouwplannen	trouplannen
trouwplechtigheid	trouplechtichheid
trouwing	trouwing
trouwzaal	trouseal

V

vader	heit
vandaag	hjoed
verantwoordelijk	ferantwurdlik
verantwoordelijkheid	ferantwurdlikens, -heid
verbondenheid	ferbûnens

verbinden	
- in de echt verbinden	trouwe
verdriet	fertriet
verliefd	fereale
- ze zijn erg verliefd	dy twa binne it tige iens, binne mâl mei-inoar
verliefdheid	ferealens
verloven	ferlove, ferloovje
verloving	ferloving
vertrouwen	fertrouwen
verzoeken	fersykje
- ik verzoek jullie om	ik fersykje jimme om ... ik woe jimme freegje om ...
voldoen aan	foldwaan oan
voorbereidingen	tariiedings, tariiedingen
voorspoed	
- in voor- en tegenspoed	yn goede en minne tiden
voorstellen	foarstelle
vraag	fraach
- een vraag stellen	in fraach stelle
vragen	freegje
vreugde	freugde
vriend	freon
vriendin	freondinne
vriendschap	freonskip
vrijgezel	frijfeint, frijfaam, frijgesel, net-troud
vroeger	earder, eartiids, foarhinne, alear(en)
vrouw	frou
W	
wens	winsk
wensen	winskje
wet	wet
wetboek	wetboek

wetgevend
wetgever
wetsartikel
wettelijk
wisselen
wittebroodsweken

wetjaand
wetjouwer
wetsartikel
wetlik
wikselje
knyntsjedagen, wiggemoannen,
-wiken, bôlemoanne

Z

zoen
zoenen
zorgen
zwager

tút, pea, smok
tútsje, patsje
soargen
sweager

10. Literatuerlist

Skriuwhelp

- Frysk Wurdboek. Frysk-Nederlânsk. Nederlânsk-Frysk. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal.* Gearstalling: J.W. Zantema. A.J. Osinga Uitgeverij. Drachten/Ljouwert. 1992. (2 dln).
- Omkearwurdboek fan de Fryske taal.* A. Dykstra e.o. Fryske Akademy. Ljouwert. 1992.
- Wurdlist foar it offisjele ferkear.* Taalbuero Fryske Akademy. Ljouwert. 1989.
- P. van Dijk en A. v. Kreuningen, *Een bijzonder ambt(enaar).* Kluwer. Alphen aan de Rijn. 2002.
- F.B. Dijkstra, *Stavering. Oersjoch fan de staveringsregels yn it Frysk.* Afûk. Ljouwert. 1991.
- P. Duijff, *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries.* Martinus Nijhoff / Fryske Akademy. Grins / Ljouwert. 2000.
- D. Eisma en J. Popkema, *Tiidwurden.* Afûk. Ljouwert. 1989.
- S.T. Hiemstra (einred.), *De Stipe.* Afûk. Ljouwert. 1982.
- B. Oosterhaven, *Nije list fan frjemde wurden.* Fryske Akademy. Ljouwert. 2000.
- J. Renkema, *Schrijfwijzer.* Sdu. Den Haag. 2002.
- J. Stienstra, *Taalpraatsjes.* Afûk. Ljouwert. 1986.

Sprekwurden

- Frysk Wurdboek. Frysk-Nederlânsk. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal.* Gearstalling: J.W. Zantema. A.J. Osinga Uitgeverij. Drachten/Ljouwert. 1992.
- Van Dale Spreekwoordenboek: Nederlands, Fries, Afrikaans, Engels, Duits, Frans, Spaans, Latijn.* Gearstalling: prof.dr. H.L. Cox. Van Dale Lexicografie. Utrecht/Antwerpen. 2000.
- A. Oppenhuizen, *Bruiloft in Friesland.* Utj. De Hynstebloom. De Jouwer. 1989.
- T. Beintema, *Wiere wurden. Sprekwurden en Sei-siswizen.* Utj. Osinga. Boalsert. 1983.
- T. Beintema, *Moai sa Sikke – Goed zo Sicco. Frysk sprekwurdeboek mei Nederlânske oersetting, ferklearring of taljochting.* Osinga. Drachten. 1990.

- T. Dijkstra, *Friese wijsheden*. Uitgeverij Verba. Hoevelaken. 1998.
- D. Eisma, *Sa hat it sitten. Sei-siswizen yn it Frysk*. Afûk. Ljouwert. 1989.
- D. Eisma, *It is mei sizzen net te dwaan. Sprekwurden, siswizen en útdrukkingen*. Utjouwerij Fryslân. Ljouwert. (Siswizen neffens de tema's âlderdom en dea, ambachten en beroppen, godstsjinst, klean, lichemsdielen ensfh.)
- D. Eisma, *In lyk man is in ryk man. Sprekwurden, siswizen en útdrukkingen*. Utjouwerij Fryslân. Ljouwert. (Siswizen oer jild)
- D. Eisma, *Dat kin de brune net lûke. Sprekwurden, siswizen en útdrukkingen*. Utjouwerij Fryslân. Ljouwert. (Siswizen neffens de tema's beammen, fruchten, griente, dieren, fûgels, getallen, kleuren ensfh.)

Gedichten

- B. Wyttsma en B. Miedema (gearst.), *It libben rûn. Teksten foar berte, trou en rou*. Utjouwerij Fryslân/Gysbert Japicxhûs. Ljouwert/Boalsert. 2001. (3^e pr.)

Nammen

- K. Bruinsma, *In namme seit mear. Jout de betsjutting fan in tal Fryske jonges- en famkesnammen*. Gysbert Japicxhûs. Boalsert. 1998.
- R. de Haan, *Fryske foarnammen. Friese voornamen*. Friese Pers Boekerij. Ljouwert. 2002.

Boustiennen foar it skriuwen fan Fryske houlikstaspraken

© 2004, Afûk, Postbus 53, Ljouwert

www.afuk.nl

Utjûn mei stipe fan de gemeente Ljouwert